

Suske en Wiske yn it Frysk, in gaadlik learmiddel?

Willy Vandersteen, **Suske en Wiske, de Pompesetters**, BV Friese Pers/Standaard Uitgeverij. Oersetting Reitze J. Jonkman. Priis f 4,25.

Sûnt koart is de oersetting fan **De Pompenplanters** (nû. 176) út de Suske en Wiske-rige yn it Frysk te krijen. Reitze J. Jonkman hat soarge foar de oersetting út it Hollânsk wei.

De ferhaaltsjes fan Willy Vandersteen sille lang net elk oansprekke. It feit lykwols, dat de Standaard Utjouwerij foar in grut part driuwt op Vandersteen syn produkten seit wol wat.

In protte bern en ek folwoeksenen lêze (en besjogge) strypherhalen mei nocht.

Ek yn Fryslân is grif in merk foar ditsoarte fan byldferhalen. Dat wurdt ek wol bewiisd troch "un ferhaal fan Asterix De Goljer" fan útjouwerij Oberon yn Haarlim. Sa'n tsientûzen eksimplaren fan dit Asterix-ferhaal binne oant op dit pas oer de toanbank gien.

Dizze Oberon-útjefte ferskynde spitigernôch yn in "eigen" stavering (in likegoed fan de nije "Steate"-stavering as fan de âlde ôfwikende skriuwwize) fan Harke Bremer en Jarich Hoekstra.

Asterix de Goljer wie dan ek net in útjefte, dy't oanpriizge wurde koe foar it ûnderwiis (as lêsstof), omdat it tal ôfwikende wurdbylden yn it Frysk sûnder dúdlike needsaak wer tanimme soe. En krekt yn in oergongsfase tusken de âlde en nije stavering hat it eigenskip, dat it ûnderwiis dêr net folle ferlet fan hat.

Stavering en taaleigen

It soe ek wolris sa wêze kinne dat in frij grut part fan de ferwoeden stripelêzers fierder net folle Frysk ûnder eagen kriget. Foar in diel sil it frysktalich byldferhaal dan ek in nij publyk berikke. Soks is in reden te mear en besteegje soarch oan stavering en taaleigen. Der sil ek in dúdlik argumint wêze moatte om fan de standerttaal ôf te wiken. Faak binne it allinne de oersetters sels en in tal saakkundigen of taalkenners, dy't niget hawwe oan dialektismen. Fierwei de measte lêzers sille tinke dat se "it

Frysk", d.w.s. de standerttaal ûnder eagen hawwe. Krekt oan dy standert sille de ûnderwiisminsken har hannen mear as fol hawwe mei it (tige beheind) plak, dat it Frysk yn it ûnderwiis hat of noch krije moat. Boppedat is it noch altiten sa dat tal fan ûnderwiisminsken sels ek net al te stevich steane yn harren taal- en staveringsskuon.

It ûnderwiis hat dus foar fierwei it grutste part ferlet fan "gewoan de standerttaal" (en dy lit aardich romte) en "gewoan de Steatestavering", dus fan safolle mooglik ienheid.

Koartsein: oersetters fan strypherhalen moatte — as se tagong krije wolle ta it ûnderwiis — net tefolle eksperimintearje. Lokkich hawwe Harke Bremer en Jarich Hoekstra dêr begryp foar opbringe kind en sil de twadde oersetting yn de Asterix-rige "Asterix en de Gouden Sichte" yn de Steatestavering ferskine. Sukses tawinske.

Bonken en bonkjes

Reitze J. Jonkman hat him yn syn oersetting fan "De Pompesetters" wol besocht te hâlden oan standert en Steatestavering.

Sa leit dan no in net ûnaardich ferhaaltje foar ús mei de avontieren (avontûren stiet yn de stripe) fan Suske en Wiske yn Bolivia, dêr't se besykje de earme minsken mei it setten fan pompen oan suver drinkwetter te helpen. De brave Lambik kin sels noch in stikje maatskippijkrityk kwyt.

Nettsjinsteande alle goede bedoelings hat de oersetting my, wat taalgebrûk en stavering oanbelanget, net rjocht foldien.

Harke Bremer en Jarich Hoekstra hawwe yndertiid noch sa ferstannich west harren geastesprodukt kritysk hifkje te litten troch saakkundigen. It liket my sûnder mear needsaaklik ta, dat betûfte taallju harren eagen oer it einprodukt gean litte.

Ik ha net de yndruk, dat soks by Jonkman it gefal west hat. Hy leit der gjin ferantwurding fan ôf en it is ek net te merkbiten.

Sa kamen my by it lêzen nochal wat bonken en bonkjes yn 'e mijtte. Dêrom ha 'k de muoite naam in tal te

sammeljen. It ferskil tusken bonken en bonkjes jout al oan dat de iene "flater" gâns slimmer is as de oare. Tusken de heakjes set ik de side(n) en it alternatyf dat iksels brûkt hawwe soe.

Oer de kar fan inkelde "ferbetteringen" soe grif hottefile wurde kinne, mar by in frij grut tal liket my dat net it gefal ta. Folslein sil myn "rispinge" net wêze:

lest (5, lêst), kreft (42, krêft), wê-rom (5, wê-om), gebrûk (5, gebrûk), hús (6, 57, hûs), skûtel (7, skûtel), berjucht (7, berjocht), rjucht (14, rjocht), terjuchte (7, terjochte), ûnrjucht (56, ûnrjocht), butendoar (8, 27, 54, bûtendoar), buten (13, 16, 27, 56, bûten), húd (45, hûd), ... in UFO lannen wêze soe (7, lanne/lâne wêze soe; oan 'e grûn set wêze soe), einliks (11, 16, einlings), fanmoarn (12, 30 fan 'e moarn), it iis ... raant; wie it iis raand (!) (snie en iis teit!), ik hie it net kâld mear (16, ik wie net kâld mear), hold myn hân fêst (16, hold my de hân fêst), der wat oan sleutelje (17, prutse), fleant professor Barabas (12, fljocht professor Barabas), wêrom fleanst (19, wêrom fljochsto), bakterien (20, baktearjes, faaks ek baktearyën), ik ha ek alle ûngelokken mei (22, my treft ek elk ûngelok, my treffe ek alle ûngelokken), staal (26, stiel), fuottendaalk (27, fuortendalik), alle mannen (30, alle manlju), prodédé (49, prosedee), gean se fierder (41, geane se fierder), hoe is it bij dij gong (58, hoe is it by dy gongen), meitsje de wrâld wer leefber (34, meitsje de wrâld wer goed om op te libjen), lean'k (22, leau'k), sa as ik (19, lyk as ik).

Stavering en taaleigen hiene dus wol better kind.

De útdrukking: "wy moatte hjir fan halem wei!" koe 'k yn myn wurdboeken nearne weromfine. De geunst fan de twifel jou ik dan ek graach: it kin akseptabel wêze. Om gefoelsredenen kin ik de oersetter tige meistimme yn it brûken fan it wurd nedich (en dus net noadich). Fan de oare kant brûkt er wol wurden as achter, achterste (32,34). Yn sokke



Wat praatste!
Do wolst us te fiter hawwe,
ho!



46



It is near!

47



48

gefallen soe 'k dan ek mar konsekwint efter en efterste skriuwe. Foar my alteast lizze wurden as nedich en efter op itselde nivo.

Goed bedoeld

Didaktysk sjoen liket it my gjin goede saak guon persoanen krûm prate te litten troch harren syntaktyske ynterferinsjes yn 'e mûle te lizzen lyk as: "Myn frou net fluch kinne lêze", "ik ha jo net wolle slaan", "... mar dea moatte wêze", "... op bêd wolle bliuwe".

It is goed bedoeld, mar it soe wol ris sa wêze kinne, dat in aardich grut part lap de jongerein net iens yn 'e rekken hat, dat wy hjir te krijen hawwe, mei "min Frysk". Om my hinne hear ik dat ek de taal fan ûnderskate oankommende ûnderwizers en ûnderwizeressen bytiden fan sokke konstruksjes al slim te lijen hat. It brûken fan de u yn wurden as berjucht, terjuchte (7, 14, 56) is faaks

net sa hiele slim, alhoewol't myn wurdboek it dêr net op stean hat. Mar my tinkt, dat de oersetter, dan ynstee fan sjoch, sjochst (13,7) de foarkar jaan moatten hie oan sjuch(st). Konkludearjend:

It is in tige te priizgjen inisiatyf fan de BV Friese Pers mei in Fryske wjergea fan Suske en Wiske op 'e merk te kommen. Ik leau grif, dat de bern fan de heechste klassen fan de legere skoalle en learlingen fan it fuortset ûnderwiis ek as hja it Frysk lêzen net sa goed yn 'e macht hawwe, har net beheine sille ta printsjebesjen. Men kin fan tinken wol ha dat guon troch Asterix of Suske en Wiske foar it earst mei it Frysk lêzen yn 'e kunde komme. Wy kinne dan allinne mar hoopje dat se, as se ienris op 'e smaaikommen binne, it net by it strypherhaal litte sille.

Learmiddel der by?

Omdat krekt dit skift lêzers net sa bot bebitten is yn it staverings- en

dialektesâlt, is in stavering, dy't ôfwykt fan de Steatestavering (of fan de âlde, want dy kin 't ek net helpe dat er der earder wie) of in taatgebrûk dat (nochal) ôfwykt fan de standertaal, út didaktysk eachpunt wei net oan te rekommandearjen.

As de oersetters fan byldferhalen dêr tenei rekken mei hâlde, is der tinkt my neat op tsjin de strypboekjes in plak te jaan tusken it oare lêsmateriaal op de skoallen. Krekt oarsom: it kin in tige wolkomme en ferantwurde oanfolling wêze.

Jonkman moat it nei dizze earsteling dan ek net sitte litte, mar der wol foar soargje dat er in (echte) taalman/frou rieplachtet. De BV Friese Pers sil der foar soargje moatte, dat de printkladden better neisjoen wurde. Yn 'e takomst kin it ûnderwiis der sa faaks in "learmiddel" bykrije, dêr't wy bliid mei wêze kinne.

S. T. Hiemstra